

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	It Kolleezje fan Deputearre Steaten Underwerp: fuortgean Underwiisynspeksje út Ljouwert
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Okkerdeis waard yn in artikel (1) oer de leechstân fan kantoaren yn ús provinsje ek melden dat de Underwiisynspeksje ynkoarten út Ljouwert wei gean sil. Der is noch mar relatyf koart lyn troch gemeente en provinsje op'e tromme slein doe't dizze festiging fan de Ryksoerheid hjir mei 20 banen hinne kaam. (1) LC 23 maaie 2015
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wiene DS yn it foar op'e hichte fan it fuortgean fan de ûnderwiisynspeksje, foardat it yn'e krante kaam ? 2. Is de ûnderwiisynspeksje ek ûnderdiel fan ôfspraken mei it Ryk oangeande it behâld fan wurkgelegenheid yn ús regio? 3. Wat is der konkreet dien troch provinsje, gemeente, SNN, om de festiging fan de ûnderwiisynspeksje foar Fryslân te behâlden? 4. Wat betsjut it fuortgean foar de aktuele gearwurking tusken Provinsje en Underwiisynspeksje op it mêd fan it Frysk yn it ûnderwiis, spesifyk de ûntwikkeling fan de eintoets Frysk en it learlingfolchsystem? 5. Is al dúdlik oft dizze ûntwikkeling gefolgen krijt foar de kennis en kunde yn de organisaasje fan de Underwiisynspeksje op it mêd fan it Frysk? Sa ja, hokker ? 6. Hoe tinke de belutsen oerheden it baneferlies fan 20 Fte op te fangen dan wol te kimpinsearjen? 7. Hoe tinke de belutsen oerheden de ûntstiene ekstra leechstân fan it Achmeagebou te kimpinsearjen yn it ramt fan it aktuele belied oangeande leechstân fan kantoaren yn Ljouwert ?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	18 juny 2015
-------	--------------